

# PLEATSEN YN IDAERDERADIEL

## MEI EIGEN NAMME

In 1850 wie it neffens de floreenkohieren:

### EAGUM.

Nû. 1: „Rollema”, eigener Hobbe Baerd v. Sminia, brûker Jan Sybrens Jorna, great 50 pounsmiet.

Nû. 2: „Brandinga”, eigener Pastory Eagum, brûker Marten Rietzes Boersma.

Nû. 3: „Haniawal”, Hobbe Baerd v. Sminia, forskate brûkers, great 45 pounsmiet.

Nû. 4: „Wijtze”, Fruchtbrûker Ph. E. A. Vegelin v. Claerbergen. Eigeners Mr. C. Bergsma en erven P. Bergsma, brûker Sjouke T. v. Essen.

Nû. 6: „Groat Haringa”, eigener mr. C. Bergsma, brûker Pieter Geert Hoekstra, great 80 pounsmiet.

Nû. 7: „Klein Haringa”, eigener Daniel de Blocq Haersma v. Sminia, brûker Sybren Jans Algersma, great 68½ pounsmiet.

Nû. 8: „Damstra”, eigener Ludolf Salverda; Lammert Ages Kalsbeek brûker, great 20 pounsmiet.

Nû. 10: „De Borg”, eigenerske Jetske Wiskia van Schelting, brûker Sybe Jans Lotsma, great 70 pounsmiet.

### GROU.

Nû. 1: „Nijdamstra”, Bouwe Broers de Boer, eigener en brûker, great 100 pounsmiet.

Nû. 2: „Hania”, eigeners erven Iskjen Catharina v. Sloterdijk, brûker widd. Gerben S. Sienema, great 120 pounsmiet.

Nû. 4: „Jongema”, Jochum en Rinze Aukes v. d. Goot, eigeners en brûkers, great 75 pounsmiet.

Nû. 6: „Syma”, eigener Jelle Ruurds Jelgersma, brûker Ruurd Jans v. d. Berg, great 70 pounsmiet.

Nû. 7: „Toetsma”, erven Ynze Tjeerds Oetsma, eigeners en brûkers, great 80 pounsmiet.

Nû. 8: „Klein Toetsma”, eigener Willem Attes Faber, brûker Auke Jochum v. d. Goot, great 80 pounsmiet.

Nû. 9: „Osinga”, Fruchtbrûker Ph. E. A. Vegelin van Oldenbergen, eigeners mr. C. Bergsma en erven P. Bergsma, brûker Durk Jans de Groot, great 80 pounsmiet.

Nû. 10: „Wytze”, eigeners erven Iskjen Catharina v. Sloterdijk, brûker Abadias Pieter v.d. Velde,

great 112 pounsmiet.

Nû. 12: „Graalda”, Pieter Sybrens v. d. Velde, eigener en brûker, great 63 pounsmiet.

Nû. 13: „Abbema”, erven Iskjen Catharina v. Sloterdijk, eigener Abadias Pieters v. d. Velde brûker, great 60 pounsmiet.

Nû. 14: „Abbema”, eigeners Harm Taconis 2/8 part en Douwe Douma, 5/8 part; Harm Taconis brûker, great 75 pounsmiet.

Nû. 15: „Koldaarstra”, eigerskes Jetske en Idskia Visser, brûker Antje M. Koldijk, great 42 pounsmiet.

Nû. 16: „Gjaltema”, eigener Wigle Barteles Terpstra, ½ part. en Bartlele Wigles Terpstra, brûker Wigle Barteles Terpstra.

Nû. 17: „Feddema”, eigener A. J. v. Sminia; brûker Jelle Gaukes Adamse, great 94 pounsmiet.

Nû. 18: „Pean” eigeners H. v. Altena 5/10 part, Sophia van Viersen 4/10 part. en Catharina Gesina Haersma van Viersen 1/10 part; brûker Pieter R. de Jong, great 66 pounsmiet.

Nû. 20: „Pean” eigener en brûker Pieter en Bauke v. d. Wal, great 88½ pounsmiet.

Nû. 21: „Allingawier”, eignerske Catharina Ida Andrea, brûker Jan Geales v.d. Veen, great 61 pounsmiet.

Nû. 22: „Hoyma” eigener en brûker Pieter Baukes v.d. Wal, great 40 pounsmiet.

Nû. 23: „Rinsma”. Eigener G. H. v.d. Meer, brûker Wijtze G. v.d. Meer, great 42 pounsmiet.

Nû. 27: „Groot Roorda”, „Klein Roorda” en „Minia”. Cornelis Franciscus Frisus van Hylkema eigener, Rintje T. de Jong brûker, great 170 pounsmiet.

Nû. 28: „Hoflandstra” Klaas Sybrens v.d. Velde eigener, Hielke Klazes de Jong, brûker, great 80 pounsmiet.

Nû. 29: „Wiglema”. P. S. v.d. Velde, eigener, Sybren Pieters v.d. Velde, brûker, great 130 pounsmiet.

Nû. 30: „Groot Suffenstra”, Jetske Wiskia v. Scheltinga eignerske. Eeltje Joh. Huisman brûker, great 120 pounsmiet.

Nû. 31: „Klein Suffenstra”, Klaas en Sjouke Sipma, eigeners. Klaas Sipma brûker, great 60 pounsmiet.

Nû. 32: „Groot Biensma”, Gerben Jelles eigener en brûker, great 105 pounsmiet.

Nû. 33: „Klein Biensma”. Herman Daniel v. Sloterdijk, eigener, Tjitze Rintje Uilkema brûker, great 76 pounsmiet.

Nû. 35: „Sienema”, Klaas Frits de

Vries eigener, Thomas Gerbens Brouwer brûker, great 47 pounsmiet.

Nû. 36. „Gaatsma”, Eeke Sybrens Schuurmans eigener en brûker, great 53 pounsmiet.

Nû. 37. „Opperbird”, Klaas Frits de Vries eigener, S. E. Huisman brûker, great 58 pounsmiet.

Nû. 38. „Groot Fenwiedstra”, Markus v. Heloma eigener, Klaas Aukes Budstra brûker, great 135 pounsmiet.

Nû. 39. „Klein Fenwiedstra”, Hoite Hendrik Nijdam foar  $\frac{1}{3}$  part, erven Ynze Tjeerds Oedsma  $\frac{1}{3}$  part en Tjeerd en Durk Oedsma  $\frac{1}{3}$  part eigeners, Hoite Hendriks Nijdam brûker.

Nû. 40. „Tuitsma”, forskate eigeners en brûkers wie 67 pounsmiet.

Nû. 41. „Koldykstra”, J. E. Simon  $\frac{1}{4}$  part, syn minderjierrige bern  $\frac{3}{4}$  part eigeners, Jolle Dooitzes Nauta brûker, great 72 pounsmiet.

Nû. 42. „Tijmersma”, Hijltje Boonstra en Petrus van Asperen eigeners, Marten Sipkes de Boer brûker, great 150 pounsmiet.

Nû. 43. „Engeburen”, Geertje Goslik Lykles, eignerske, Sybren Rintjes Uilkema brûker, great 80 pounsmiet.

Nû. 44. „Hottingawier”, Catharina Isabella de Blocq van Scheltinga, eignerske, Widd. Douwe Romkes Snoek brûker, great 72 pounsmiet.

Nû. 45. „Hottingawier”, Jacob Pieters Jorna eigener, Ale Sikkes Koldijk brûker, great 66 pounsmiet.

Nû. 46. „Tjesmawier”, jhr. Arend Johan v. Sminia eigener, Sjoerd Jacobs Hiemstra brûker, great 67 $\frac{1}{2}$  pounsmiet.

Nû. 48. „Uilkema”, Klaas Aukes Budstra eigener, Johannes Jacobs Hiemstra brûker, great 70 pounsmiet.

Nû. 49. „Groot Mellema”, Gerben Bruins Bruinsma eigener, Thomas Rintjes v. d. Wal brûker, great 92 pounsmiet.

Nû. 50. „Klein Mellema”, J. E. Simon en syn minderjierrige bern eigener, Kornelis Sipkes de Jong brûker, great 72 pounsmiet.

Nû. 51. „Rietstra”, Fruchtbrûker, jhr. Ph. E. A. van Vegelin tot Claerbergen, eigeners mr. C. Bergsma en erven P. Bergsma, Melle Douwes v. d. Meer brûker.

Nû. 52. „Meinertsburen”, J. E. Simon en minderjierrige bern eigeners, Kornelis Sipkes de Jong brûker, great 70 pounsmiet.

Nû. 53. „Meinertsburen”, Klaas Feitzes de Vries eigener, ûnderskate brûkers, great 84 pounsmiet.

Nû. 55. „Modderwier”, Tjalling Halbertsma eigener, Eeltje Tjalling Halbertsma brûker, great 60 pounsmiet.

Nû. 57. „Sytema”, mr. Cornelis Bergsma eigener, Hendrik Aukes Sytema brûker, great 60 pounsmiet.

Nû. 58. „Sytema”, Fruchtbrûker, jhr. Ph. E. A. Vegelin tot Claerbergen, eigener mr. C. Bergsma en erven P. Bergsma, brûker Klaas Durks Sybrandy, great 68 pounsmiet.

Nû. 59. „Klein Blijma”, Fruchtbrûker, jhr. Ph. E. A. Vegelin tot Claerbergen, eigener mr. C. Bergsma en erven Ph. Bergsma, brûker Klaas D. Sybrandy, great 70 pounsmiet.

Nû. 60. „Groot Blijma”, Maria van Sminia húsfrou fan Marcus van Helo-

ma eignerske, Auke Sybrens Blijstra brûker, great 60 pounsmiet.

Nû. 61. „Groot Blijma”, selde eigener en brûker, great 50 pounsmiet.

Nû. 62. „Klein Tjallinga”, Fruchtbrûker jhr. Ph. E. A. Vegelin tot Claerbergen, eigener, mr. C. Bergsma en erven P. Bergsma, ûnderskate brûkers, great 66 pounsmiet.

Nû. 63. „Klein Jetsma”, Trijntje Eeltjes Draaisma eignerske en brûker, great 66 pounsmiet.

Nû. 64. Ludolf Salverda eigener, Hille Eeltjes Draaisma brûker, great 68 pounsmiet.

Nû. 65. „Binnema”, Fruchtbrûker, jhr. Ph. E. A. Vegelin tot Claerbergen, eigener mr. C. Bergsma en erven P. Bergsma, brûker Gooitzen Harmensma.

nû. 66: „Bernia”, Casper v. Breugel eigener, Saekle Jans Jansma brûker great 80 pounsmiet.

nû. 67: „Sytema”, Ypkje Bruins Bruinsma eignerske, forskate brûkers, 105 pounsmiet.

nû. 68: „Raskema”, Ypkje Bruins Bruinsma; Berend Durks de Jong brûker, 80 pounsmiet.

nû. 69: „Ekema” erven Petrus A. Bergsma, eigener; Jan Hendriks Westra brûker: 60 pounsmiet.

nû. 70: „Meerfenne”, erven Klaas Lykles eigener en brûker, 70 pounsmiet.

#### WERGEA

nû. 1: „Old Roorda”, H. P. v. d. Goot eigener, forskate brûkers, great 120 pounsmiet.

nû. 2: „Klein Roorda”, J. E. Simon, eigener; Eeltje Sjoerds Roorda brûker, great 75 pounsmiet.

nû. 3: „Groot Palma”, Amalia de Schipper eignerske, Sybren Jans Tilma brûker, 86 pounsmiet.

nû. 4: „Klein Palma”, Hiltje Johannes Bootsma eignerske, Ale Heins Wierstra brûker, 66 pounsmiet.

nû. 5: „Groot Hemriken”, J. H. v. Boelen eigener, Wopke M. Riemersma brûker, 100 pounsmiet.

nû. 6: „Klein Hemrikein”, Wybren S. Wartena en Wybren IJselstein eigeners, Sjoerd Wybrens IJselstein brûker great 60 pounsmiet.

nû. 13: „De Roodeschuur”, Herf. tsjerke Wergea eigener, Berend Schuurmans brûker, 50 pounsmiet.

nû. 15: „Hatinga”, Marcus v. Heloma eigener, forskate brûkers, 60 pounsmiet.

nû. 16: „Stienstra”, Willem Augustijn en Johannes Leonardus Sloterdijk eigeners, Rinze P. Tibbersma brûker, 50 pounsmiet.

nû. 20: „Klein Hellema”, D. de Block-Haersma van Sminia en W. A. en J. L. van Sloterdijk eigeners, Joh. H. Kooistra brûker, 40 pounsmiet.

nû. 21: „Jeloma”, Jan Sjoerds Roorda eigener en brûker, 60 pounsmiet.

nû. 23: „Hempensermeer”, A. J. van Sminia eigener, Epke Tjisses v. d. Wal brûker, 50 pounsmiet.

nû. 24: „Jorna”, Casper van Breugel eigener, Jacob Pieters Jorna brû-

ker. 63 pounsmiet.

nû. 26: „IJselstein”, erven v. Sloterdijk eigener, Sjoerd Douwes de Jong brûker 40 pounsmiet.

nû. 29: „Hania”, J. E. Simon eigener, Kornelis Reids de Jong brûker, 80 pounsmiet.

nû. 30: „Teaklema”, fam. Koldyk, fam. Van der Hem en fam. Pel eigeners, Hessel Bokkes Dijkstra brûker, 80 pounsmiet.

nû. 31: „Wygersma”. Edo Offerhaus eigener, Jelle Joh. Wiersma brûker, 38 pounsmiet.

nû. 33: „Jousma”, selde eigener as brûker, 68 pounsmiet.

nû. 33: „Jousma, selde eigener as 32, J. H. Kooistra brûker, 60 pounsmiet.

nû. 34: „Wijtzinga”, Jacob Frederik Bourboon van Sloterdijk eigener, Johannes Sijtzes Kooistra brûker, 94 pounsmiet.

nû. 36 en 37: „Weiwinke en Dielsma”. Gjalt Ype Dorhout eigener, Ype Gjalts Dorhout brûker, 88 pounsmiet.

nû. 39: „Groot Hellema”, Edo Offerhaus eigener, Joh. Freerks Terpstra brûker 55 pounsmiet.

nû. 41: „Garkema” Herman Daniël v. Sloterdijk eigener, Hieltje Schaafsma brûker, 66½ pounsmiet.

nû. 43: „Groot Sinia”, mr. Cornelis Bergsma eigener, Marten Gosses de Boer brûker, 84 pounsmiet.

nû. 44: „Klein Sinia”, J. E. Simon eigener, Ype Kornelis Zetsma brûker, 28 pounsmiet.

nû. 45: Selde eigener en brûker, 80 pounsmiet.

#### WARTEN

nû. 1: „Tjallehiem”. Marcus v. Heloma eigener, Ate Sytzes v. d. Meer brûker, 70 pounsmiet.

nû. 2: „Okkema”, Luitzen Joh. Jager eigener, Sjoerd W. IJselstein brûker, 100 pounsmiet.

nû. 5: „Feikema”. Wybren Bruins Bruinsma eigener, Rein Tjerks Jonker brûker, 76 pounsmiet.

nû. 6: „Groot Heroma”, Daniël de Block Haersma van Sminia eigener, Jelle Sjoerds Spijkstra brûker, 97 pounsmiet.

Nû. 7. „Eimkema”, Andrieske Klazes Andriesse eignerske, Klaas Libbes Jongedijk brûker, great 72 pounsmiet.

Nû. 8. „Douwema”, Lieuwe Foeskes IJselstein, eigener, forskate brûkers, great 53 pounsmiet.

Nû. 10. „Douwema”. W. H. v/d. Kolk eigener, forskate brûkers, great 72 pounsmiet.

Nû. 14. „Klein Douwinga”, Age G. Hempenius, eigener, forskate brûkers, great 40 pounsmiet.

Nû. 19. „Kamstra goed”, Eise Gerbens Weima, eigener en brûker, great 57 pounsmiet.

Nû. 22. „Magere Weide”, Marcus van Heloma, eigener, Tjeerd Sjoerds Spijkstra brûker, great 56 pounsmiet.

Nû. 24. „Emkema”, Jacob Pieters Jorna, eigener en brûker, great 62

pounsmiet.

Nû. 25. „de Graft”. Marcus van Heloma, eigener, Sijtze Reins Jonker brûker, great 80 pounsmiet.

Nû. 26. „de Graft”, fruchtbrûker Ph. E. A. Vegelin v. Claerbergen. Eigener Mr. Cornelis Bergsma en de erven Petrus Adriaan Bergsma, brûker Marten Ruurds Bergsma.

Nû. 27. „Siensma”, Hobbe Baerd van Sminia eigener, Sytse Nammes Sijtsma brûker, great 140 pounsmiet.

Nû. 28. „Groot Tjallinga”, Wijbren Bruins Bruinsma eigener, Sytse Meinte Siensma brûker, great 120 pounsmiet.

Nû. 29. „Piekema”, H. Cannegieter eigener, Jelle A. Sytsema, brûker, great 72 pounsmiet.

Nû. 30. „Robbinga”. Marcus v. Heloma eigener, Kornelis Sikkes Hoekstra brûker, great 84 pounsmiet.

Nû. 31. „Lollinga”, Marcus v. Heloma eigener, Sybren Jans Jurna brûker, great 120 pounsmiet.

Nû. 32. „Klein Galema”, fruchtbrûker Ph. E. A. Vegelin v. Claerbergen, eigener Mr. Cornelis Bergsma en de erven Petrus Adriaan Bergsma, brûker Marten Ruurds Bergsma.

\* \* \*

Oant safier de pleatsen yn Idaerderadiel mei in eigen namme. As men sa'n list foar jin lizen hat komme der folle fragen op.

Hoefolle fan dy pleatsen soene der nou noch wêze? Hwêr soene se krekt lizze? Hwa soe der nou buorkje? ensfh. Ek kaem by my de fraech op: hawwe der stinzen by west en hwat is der fan oerbleaun?

In sneupreiske nei it printekabinet fan it Frysk Muséum levere mar in bytsje op. Der wiene tekeningen fan: Friens-Beslinga State; Idaerd-Friemastate; Roardahuzum-Tjepmastate en fan Wergea-Popma Slot. Hjir kom ik noch op werom.